

FRYSK



o
p

BAST
BoargerAksjegroep
Sis Tsiis

S K K O A L L E

BEHOORRAD
TOEGES
MA T M
06 00
8 00 1
FIET SV
TOEGES
8 30
EN NA 1
OP KOOP
21 00
DE O

Respekt

*Respekt foar in minske is respekt foar syn taal.
In bern is suver minske, sa't it nea wer wêze kin en sil.
En hat sûnder middels, ynfloed en gesach
rjocht op 't brûken en begripen fan de taal fan 't Fryske lân
yn praten, en foar letter lêzen en ek skriuwen.
Mar 't moat leard wurde.
Foar woartels foar syn eigen wêzen,
oars waait it by ien wyntsje om.*

Willem Riemersma (skoalmaster)

De taal fan it hert

De *memmetaal* is de taal fan it hert. As it mei gefoel te krijen hat, kinne wy ús it bêste yn dy taal uterje. Dêrom heart in bern dy taal op de basisskoalle mûnling en skriftlik te goed learen en ek te brûken.

Sa leart it bern syn of har tinzen goed ûnder wurden te bringen, goed nei in oar te harkjen en in ferhaal fan in oar te lêzen. Dat is de manier om jinsels en in oar te begripen en sa respekt foar jinsels en in oar te krijen.

De *memmetaal* is tagelyk it bêste útgongspunt om de taal fan in oar te learen. Pas as men de eigen taal goed behearsket, kin men de ferskillen mei oare talen leare. En sa wurde bern boargers dy't goed kontakt mei oaren meitsje kinne en harsels yn 'e grutte wrâld rêde kinne.

Iepen Mienskip

Yn in iepen mienskip slút men ynkommers net út. Dy minsken meie ek leare om ús taal te ferstean en te lêzen en leafst ek noch te praten en te skriuwen. Om dy reden is Frysk ûnderwiis foar **alle** bern.



Wat der bart

Wylst in soad juffers en masters de bern wol de leafde foar de memmetaal meijouwe, kin mear as trijekwart fan de Fryske bern net Frysk skriuwe as se fan skoalle komme en sa is 85 persint fan de bern *analfabeet yn harren memmetaal*. Dat is dochs slim tryst.

It Frysk is sûnt 1980 in ferplichte fak yn it basisûnderwiis. De kearndoelen foar dat fak binne yn 2006 yn nivo ferlege, omdat tocht waard dat soks de skoallen better motivearje soe om goed ûnderwiis yn it Frysk te jaan. It tsjinoerstelde barde. Der is dus gjin sprake fan (oan it Hollânsk) lykweardich ûnderwiis yn it Frysk.

Ús Fryske skoallen moatte mei itselde budzjet ta as oare skoallen en boppedat ek alle oare ferplichte fakken jaan. It ferwyrt fan guon tsjinstanners fan it Frysk dat ús taal te folle jild kostje soe, docht nochal diskriminearjend oan, omdat yn de ûnderwiisbegrutting fan 40 miljard it ûnderwiis yn it *Algemeen Beschaafd Nederlands* (ABN) as ien fan de haaddoelen sjoen wurdt. Dy taal hat him sûnt 1900 (learplicht!) fan boppen ôf hiel effektyf ferspriede kinnen. Soks meie de lju dy't sizze dat men it útstjerren fan in taal net opkeare kin, ek wolris betinke!

Tink ek oan de allesbeskiedende noarm fan de Hollânsktalige CITO-toets, dy't hast alle skoallen yn Nederlân ferliket op behearsking fan it Hollânsk. En dêr wurde de skoallen op ôfrekkene troch de ûnderwiisynspeksje, dy't net echt nei it Frysk omsjocht. Dan kin men wol begripe dat wat der hjoed-de-dei noch altiten oan Frysk dien wurdt, folslein fan ûnderop komt.



Doch ek mei oan ús kommende aksjes!

Witte jo wat it profyl fan jo skoalle is? Freegje dernei!

En jou it oan ús troch op: sistsiis@hotmail.com of www.sistsiis.frl

Stypje: NL 12 ABNA 0822 4870 12 Stifting Fryske Taal. Wy hawwe ferlet fan jo!

Wat it doel fan taal op skoalle wie

It tige iensidich Hollânsktalige ûnderwiis (mei útsluting fan it Frysk) is 200 jier lyn net oplein om mûnige boargers te foarmjen. De skoallen waarden brûkt om in sintralistyske 'ienheidssteat' te skeppen en dêrta moast it nochal keunstmjittige *Algemeen Beschaafd Nederlands* (ABN) it monopoalje krije. Alle oare yn-lânske tongslaggen (lykas it Frysk en it Saksysk) waarden as 'onbeschaafd' beskôge en oan 'e kant reage. Dy talen waarden allinnich gaadlik achte as thústaal en ferballe út it iepenbiere libben.

De minsken wiene der foar de steat en dy liet syn macht jilde. Wy tinke dat de steat der foar de minsken is en dat der rjocht dien wurde moat oan it taalferskaat. Dan kin ek de memmetaal fan de bern syn gerak krije. Dat freget om **kulturele autonomy** foar ús provinsje en om in nij Europa dat regio's mei in eigen taal en kultuer op dat mêd folsleine beliedsromte jout, dus om in eigen ûnderwiisministearje mei sizzenkip oer alle skoaltypen en leargebieten.

Ús eigen skiednis

Behalven troch it oplizzen fan it *Algemeen Beschaafd Nederlands* moast sûnt likernôch 1800 ek it hast *fol-slein op Hollân* rjochte *skiednisûnderrjocht* de boargers fan it Keninkryk fan Nederlân in **steatsnasjonale identiteit** jaan. Sadwaande krige ús eigen Fryske skiednis gjin plak yn de opliedings en yn it iensidige, Hollânsktalige les materiaal. En dat wylst de skiednis fan de Friezen en it Frysk wol tsien kear sa âld as dy fan it *Keninkryk*. 1500 jier lyn hiene de Friezen al in eigen kening en harren ryk rûn fan it hjoeddeiske Noard-Frankryk oant Denemark ta. En de heroyk fan dy tiid docht net ûnder foar de Gouden Iuw (de 17^{de} iuw), dêr't benammen de maatskiplike boppelaach út it folle lytsere Hollân better fan wurden is.

It is boppedat goed om te witten dat der ek yn Dútslân noch altiten Friezen yn East-Fryslân (Ostfriesland) en Noard-Fryslân (Nordfriesland) wenje dy't harsels likegoed Frysk fiele, in eigen Fryske taal prate en in wichtich oanpart hawwe yn ús eigen Fryske skiednis.

Net tichterby as Wolvegea

'Mei it Frysk komt men net fierder as Wolvegea', heart men wolris fan immen dy't it Frysk leechlizze wol. Dat is net wier, mar men komt benammen tichter by jinsels en dat dolt djipper.

Sis Tsiis giet lykwols de dyk net op om it ûnderwiis yn oare talen op te kearen. Krekt oarsom: troch goed Frysk te learen, leare learlingen better om *oerienkomsten* en *ferskillen* te sjen mei frjemde talen! En sadwaande leare se harsels ek better en kreker (mûnling en skriftlik) te uterjen, dus ek yn it Frysk.

Linich Frysk-fan-dizze-tiid

Wat guon *linich-Frysk-fan-dizze-tiid* neame, is eins *bryk-Frysk* of *heal Frysk*. 'Wat gean wy sa-met-ien dwaan?', soene in soad minsken samar sizze kinne en guon fine dat *linich-Frysk-fan-dizze-tiid*. It is lykwols hast heal Hollânsk, want yn dy taal soe men sizze: 'Wat gaan wij zo meteen doen?' Yn geef Frysk soe it wêze kinne: 'Wêr sille wy aansens mei oan 'e gong?'

De taal is de wente fan ús tinken en ús tinzen en dêr moat men dus sunich op wêze. Lykas in hûs lêst hat fan it waar en op 'e tiid ferve wurde moat, sa hat ek in taal ferlet fan ûnderhâld. Ek foar it Frysk betsjut dat goed ûnderwiis om de weach fan *Hollânske ynslûpsels* (hollanisten) op te kearen en om ús eigen taal te fersterkjen.